

*De Stifting Fryske Akademy (FA) docht wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisiplinêr ûndersyk leveret de FA fernijende bydragen oan it ynternasjonale wittenskiplike debat, draacht by oan it akademyske klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en generearret ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de mienskip. Op dy wize wurket de FA oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en basrearre op in sterk engaazjemint mei Fryslân en de Friezen. De FA sit stevich yn de regio bewoartele en is oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) liearre. It ynstitút dielt de kennis dy't opdien wurdt mei tal fan wittenskiplike ynstellingen en maatskiplike partijen yn binnen- en bûtenlân, lykas it Instituut voor de Nederlandse Taal (INT), it KNAW Humanities Cluster (HuC), Campus Fryslân/Ryksuniversiteit Grins (RUG) en it Centre for Language and Speech Technology (CLST – Radboud Universiteit).*

*It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen (Mercator) is yn 1987 oprjochte op inisjatyf fan de Europeeske Kommisje. De misje fan Mercator – ûnderdiel fan de FA – ûnderskriuwt en fersterket de oerkoepeljende misje fan de FA, troch spesifike fokus op it ûndersykjen, fersprieden en tapassen fan kennis op it mêd fan meartaligens en taallearen. Mercator rjochtet him benammen op it gebiet fan minderheidstalen yn Europa en makket gebrûk fan Fryslân as laboratoarium fan meartaligens. It wurk omfiemet net allinne autochtoane minderheidstalen, mar ek migrantetalen. Troch wittenskiplike resultaten nei de praktyk te bringen, ferfollet Mercator boppedat in brêgefunksje. It wurk wurdt mooglik makke troch subsydze fan de Provinsje Fryslân en projektsubsydzes út programma's fan de EU. Mei oare wurden, Mercator bringt Europa nei Fryslân en Fryslân nei Europa!*

Fanwege pensjonearring fan de sittende projektmanager yn desimber 2023 sykje wy foar it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen in

### **Projektmanager Mercator**

**38 oeren wyks / 1.0 fte**

As projektmanager by Mercator sitst yn in dynamyske spilfunksje tusken ûndersyk, ûnderwiis en belied sawol regionaal as ynternasjonaal. Yn dy funksje hat de manager de romte om nije gearwurkingen ta stân te bringen en om by te dragen oan oplossings foar fraachstikken oangeande minderheidstalen en meartaligens foar ferskate belanghawwenden lykas de Europeeske Kommisje, oerheidsorganen, ûnderwiis - en kennisynstellings. De projektmanager ferfollet dan ek in wichtige maatskiplike funksje. It goed netwurkje kinnen yn in (ynter)nasjonale kontekst is dêrom tige wichtich. Bûtenlânske tsjinstreizen binne dêrby ûnderdiel fan de funksje.

De projektmanager fan Mercator koördinearret en monitoaret de aktiviteiten en projekten fan it Kennisintrum, rekken hâldend mei de kontekst fan de algemiene ûndersyksaginda en beliedsplannen fan de FA, en is ferantwurdlik foar de suksesfolle ôfrûning fan projekten. De kandidaat is in (ynter)nasjonaal netwurker, in tiimspiler en ferbiner en is thús yn de tapaste kant fan wittenskip. De kandidaat is senior ûndersiker op ien fan de ûndersyksterreinen fan Mercator lykas meartaligens, ûnderwiis, taaloerdracht, taallearen, taalhâlding en ideologyen, sosjolingwistyk, taalbelied, taaldokumintaasje en nije technologyen. De kandidaat is fleksibel, sjocht ûndersyksmooglikheden en wit dy om te setten ta konkrete projektplannen.

## Taken en ferantwurdlikheden

- Funksjoneel oanstjoeren fan Mercator;
- Koördinearjen fan ûndersyksprojekten;
- Inisjearjen fan nije ûndersyksprojekten, faak yn ynternasjonale konsortsia, skriuwen fan projektaplikaasjes en stimulearjen fan kollega's op dat mêd;
- Publisearjen en presintearjen fan ûndersyksresultaten yn (ynter)nasjonale akademyske en publike kontekst;
- Undersyksresultaten fertale/oerbringe nei praktyske tapassings (falisaasje);
- It stypjen fan sawol junior- as seniorûndersikers;
- Dragen fan budzjetferantwurdiging foar Mercator en projekten;
- Dragen fan ferantwurdlikens foar bestjoerlike relaasjes mei eksterne partijen en de finansiering;
- Aktyf meiwurkje oan de doelstellings fan de FA, alle doelen en taken falle ûnder de ferantwurdlikens fan de FA.

## Funksje-easken

- Promovearre wêze op in ûnderwerp relatearre oan de ûndersykstema's fan Mercator;
- Wittenskiplik publisearre hawwe op dat mêd;
- Maklik kontakten lizze kinne en in grut (ynter)nasjonaal netwurk hawwe;
- Underfining mei minderheidstalen en meartaligens;
- Heech ûntwikkele skriuw- en kommunikaasjefoardichheden;
- Treflike feardichheden yn it Frysk en Ingelsk, of de reewilligens om it Frysk te learen;
- Underfining mei it wurkjen yn in tiim oan wittenskiplike en tapaste projekten;
- Underfining mei Europeeske subsydzjes en it skriuwen fan oanfragen;
- In multydisiplinêre ynstelling en polityk sensityf en strategysk fermogen;
- Fyzje hawwe op de takomst fan Mercator as ûnderdiel fan de FA.

## Arbeidsbetingsten

Wy biede in kontrakt oan dat sa gau as mooglik yngiet, yn earsten oant en mei 31 desimber 2024. It bruto moannesalaris is maksimaal € 6.181,- by in foltiidsaanstelling fan 38 oeren, de hichte hinget ôf fan relevante ûnderfining (UFO-profyl fan projektmanager 3, skaal 12, CAO Nederlandse Universiteiten). Fakânsje- en einjiersútkearing sitte dêr noch net by. De kandidaat krijt in Fryske taalkursus oanbean. It wurkplak is de Fryske Akademy yn Ljouwert. Wy biede eksellinte ûndersyksfasiliteiten yn in stimulearjende en freonlike, multydisiplinêre wurkomjouwing, dêr't talinten fierder ûntwikkele wurde kinne.

## Mear ynformaasje

Foar mear ynformaasje oer dizze funksje kinst kontakt opnimme mei drs. Cor van der Meer, projektmanager fan it Mercator Europeesk Kennisintrum. E-mail: [cvdmeer@fryske-akademy.nl](mailto:cvdmeer@fryske-akademy.nl). Foar eftergrûnynformaasje sjoch op [www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl) en [www.mercator-research.eu](http://www.mercator-research.eu).

## Sollisitaasje

Gadingmakers kinne harren sollisitaasjebrief en CV foar 21 augustus 2023 stjoere nei de hear Anne Mulder, HR-adviseur, nei [wurkje@fryske-akademy.nl](mailto:wurkje@fryske-akademy.nl); û.f.f. 'projektmanager Mercator'. De petearen mei kandidaten wurde plend op 30 augustus 2023.

